

Liturgy 3^e Advent
Snein 14 desimber 2025
9.30 oere De Hege Stins, Eastermar
Mei fiering fan it Hillich Nachtmiel

Foar de tsjinst klinkt it oargel
liet 910 :1,3 en 4

*1 Bytiden as wy sjonge
wurdt alles ljocht en klear,
dêr't earder dizzen hongen,
fernimme wy de Hear.
Binn' wy it paad soms bjuster,
Hy makket alles goed,
dy't ús nei kjeld en tsjuster
in mylde maitiid stjoert.*

*3 Hy dy't mei pracht de blommen
beklaaide, soe Hy net
mei klean fanwegenkomme?
Hy wit fan ús ferlet.
Gjin skepsel wurdt fergetten,
Hy hâldt it al yn stân.
De fûgels fine fretten,
wy ite út syn hân.*

*4 Ek as gjin beam mear fruchten
ta rispjen drage soe,
de greide lei te suchtsjen,
om't neat mear waakse woe,
dan noch soe God ús spiizgje,
syn goedens komt as rein.
'k Wol dei oan dei Him priizgje
en loovje sûnder ein.*

- **Wolkom en meidielings**

**Begjinliet Liet (Psalm) 85: 1 en 2 *Jo Heare, hawwe ús lân
mei geunst betocht***

*1 Jo, Heare, hawwe ús lân mei geunst betocht,
yn Jakobs slavernij in omkear brocht.
Mei leafde hawwe Jo ús skuld belein;
de wrok is oer, de grime naam in ein.
Lit ús dan libje_en help ús as alear
en tink oan jo grammoedichheid net mear.
Wol jo ûntfermje oer ús faai bestean,
of moatte wy foargoed te'n ûnder gean?*

Foargonger: ds. W. Veltman, Reitsum
Âlderling: Tine Hoekstra
Oargel: Daniel Bosma
Beamer: Nico & Michel

*2 Binn' Jo it net dy't ús wer libje lit,
dat Israel yn Jo syn freugde wit?
O lit ús ienkear noch jo goedens sjen
en toan jo heil oan al jo bange bern!
No mei ik hearre wat de Heare seit
tsjin elk dy't brekt mei de ûnferskillichheid:
'Folk fan myn geunst, de frede is nei-oan,
foar dy't My tsjinje riist de blide moarn.'*

- **Momint fan ynkear**
- **Fotum en Groet**

Sjonge Liet (Psalm) 85: 3

*3 Dan wennet wer Gods gloarje yn ús lân,
dan rinne trou en leafde hân oan hân.
Dan sjocht it godlik rjocht, hoe't hjir op ierd'
de wierheid as in roas te bloeien stiet.
Dan jout de Hear syn seine oer ús dwaan
en sil ús lân in skoane risping jaan.
Gerjochtichheid giet foar Him op syn wei
en dêr't Hy komt, dêr komt de frede mei.*

- ***Ynliedend wurd by de 3^e snein fan Advint***
- **De lieding fan de bernetsjerke fertelt oer harren project.**
- **Der wurde 3 kearsen oanstutsen en wy sjonge it projektlied**
- ***Hjirnei gean de bern nei harren eigen romte***
- **Gebed oan it begjin**

**Sjonge Liet 433: 1, 2, 3 en 4 *Kom no Heilân, kom
mei macht***

*1 Kom, no Heilân, kom mei macht,
kom by ús, it is hjir nacht,
yn dy nacht begjint jo moarn,
bern fan God, Maria's soan.*

*2 Bern dat út jo keamer lyts
komme_as himelsk ljocht by ús,
hjir op ierde binn' Jo steld,
gean Jo wei lykas in held.*

3 Bern dat by de Heit wei komt,
Jo gean nei de Heit werom,
hel en dea ha Jo trochstien,
nei de himel binn' Jo gien.

4 Bern, Jo krêbe skynt fol pracht
yn it tsjuster fan 'e nacht
en wy leauwe dat dat ljocht
alle tsjusternis ferdocht.

- **1^e Skriftlêzing: Jesaja 35: 1 – 10**

**Wy harkje nei 'De steppe zal bloeien' (Liet 608)
troch Trijntje Oosterhuis (You Tube)**

- **2^e Skriftlêzing: Jakobus 5: 7 – 10**
- **3^e Skriftlêzing: Mattheüs 11: 2 – 11**

**Sjonge Liet 534 Hy dy't de blinen 't ljocht wer
joech**

1 Hy dy't de blinen 't ljocht wer joech
en kleur en fleur brocht yn har wêzen,
is sels it ljocht dat romte jout:
ús libbensljocht, de Soan fan God.

2 Hy dy't de lammen rinne liet,
de krêft weromjoech oan har libben,
is sels de wei nei 't wiere lok:
ús libbenspaad, de Soan fan God.

3 Hy dy't de earmen iten joech,
oerdiedich har it hert ferwaarme,
is sels it brea, Hy sêdet ús:
ús libbensbrea, de Soan fan God.

4 Hy dy't de dôven hearre liet
en wurden wer fersteanber makke,
is sels it wurd dat wierheid sprekt:
it libbenswurd, de Soan fan God.

- **Oertinking**

**Sjonge Liet 440: 1, 2 en 3 Wês optein no, jim
frommen**

1 Wês optein no, jim frommen,
der klinkt in bliid berjocht!
De yntocht stiet op kommen
fan Him dy't wûnders docht.
Dy't wachtsje op de Hear,
lit no fóár alle dingen
jim lûd hosanna klinke,
in lofliet ta syn ear.

2 Hâld moed, jim drôve herten,
Hy is al tichteby,
dy't jim fan eangst en smerten,
fan al jim lêst befrijet.
Der waakst wer nije hoop:
Hy komt en neamt jim sines,
yn 't wurd lit Hy him fine,
yn nachtmiel en yn doop.

3 Jim dy't yn earmoed libje,
wês soargeleas as bern;
oan de _ein fan al jim striben
sill' jim syn rykdom sjen.
Dy't blommen pronkje lit
en alle fûgels spiizget,
sil ek syn bern bewize,
dat Hy har neden wit.

- **Kollektes 1e Werelddiaconaat India,
advent**

In de Zuid-Indiase textielstad Tirupur wonen
zo'n 150.000 migranten, sommigen met hun
hele gezin. Omdat ouders de hele dag
werken, worden veel kinderen aan hun lot
overgelaten. En doordat zij de lokale taal niet
spreken, gaan ze niet naar school.
Partnerorganisatie van Kerk in Actie SAVE
biedt 200 migrantenkinderen onderwijs in
zowel hun moedertaal als de lokale taal.

**2e kollekte foar tsjerke en 3e by de útgong
foar de gebouwen.**

- **De bern komme wilens werom yn tsjerke**

Sjonge Liet 340B steand Belidenis fan it leauwen

*Ik leau yn God de Heit, de Almachtige,
Skepper fan himel en fan ierde.
En yn Jezus Kristus,
syn iennichstberne Soan,
ús Heare,
dy't ûntfongen is fan de hillige Geast,
berne út 'e faam Maria,
dy't lit hat ûnder Pontius Pilatus,
dy't krusige_en stoarn is en begroeven,
deltein yn it deaderyk
en op de tredde dei wer opstien
fan de deaden,
opfearn nei de himel,
sittend oan 'e rjochterhân fan God,
de almachtige Heit,
dêr't Er weikomme sil om te oardieljen*

*de libbenen en de deaden.
Ik leau yn de hillige Geast,
ik leau ien hillige, katolike
tsjerke,
de mienskip fan de hilligen,
de ferjouwing fan de sûnden,
de ferrizenis fan it lichem
en it ivige libben.
Amen, amen,
amen.*

- **Nûgingswurden**
- **Tafelgebed, ôfsletten mei mienskiplik US HEIT**

*Us Heit yn 'e himel,
lit jo namme hillige wurde,
lit Jo keninkryk komme,
lit Jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want Jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen*

Sjonge Liet 442 Nei Jo, myn Heilân, haw ik lange

1 Nei Jo, myn Heilân haw ik lange,
befrij my fan myn eangst en sear.
Mei hiel myn hert wol 'k Jo ûntfange,
jo timpel wol ik wêze, _o Hear.
Lit my mei al wat libbet fiele
de waarmte fan jo hillige gloed
en jou my troch jo sêfte strielen,
o leafdessinne, nije moed.

2 O Heilân, wachtsje no net langer,
jo komst is al wat ik begear.
Deemoedich wol ik Jo ûntfange,
ik stean fan herten foar Jo klear.
Wol yn jo leafde my bewarje,
de wrâld is fol geweld en kwea.
Wêr soe ik sûnder Jo bedarje?
Hâld yntocht yn myn hert, o Hear!

- **Ynsettingswurden**
- **Mienskip fan brea en wyn**
- **Tankgebed**

Slotliet Liet 444 It daget yn it easten

1 It daget yn it easten.
Hy komt, it ljocht allyk.
Hy sil de folken treaste
en ivich is syn ryk.

2 It tsjuster is ferjage
fan de_iuwenlange nacht.
No riist in nije dage,
in moarntiid fol fan pracht.

3 En al wa't finzen sitte,
bedrige troch de dea,
fan God en mins ferlitten,
begroetsje_it moarntiidsread.

4 De ûnbetwingbere sinne,
dy't ús de dage brocht
en sil de nacht oerwinne,
Hy, Kristus, 't ivich ljocht!

5 It daget al yn 't easten.
Hy komt, it ljocht allyk.
Hy sil de folken treaste
en ivich is syn ryk.

- **Sinding en Seine
beäntwurdzje mei Liet 431c**
Amen, Amen, Amen

QR coade foar de kollekte



